



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jorjaan en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Dizze wike binne se mei-inoar nei Jeruzalem reizge om dêr Pesach te fierren. Sara en Simon fine it hiel spannend, want Jezus is ek yn Jeruzalem oankommen. En it is krekt as sil der wat barre...

25. Pesach **Lukas 22, 1-23**

It wie drok yn Jeruzalem, want it wie al hast Pesach. Dat is it Joadske peaskefeest. Joaden slachtsje dan in laam foar it peaskemiel.

Pake, heit en Daniël giene nei de timpel. Dêr moasten se helpe om te slachtsjen.

Mem bleau thús en frege: “Sara en Simon, wolle jim my helpe om it iten klear te meitsjen? Jûn fiere wy Pesach.”

“Wat mei ik dwaan, mem?” frege Sara.

“En ik?” rôp Simon.

Mem moast efkes neitinke en frege: “Witte jim wêr’t wy jûn oan werom tinke?”

Sara helle de skouders op en frege: “Oan it laam?”

“Ja, want it laam wurdt hjoed slachte yn ‘e timpel,” sei Simon.

Mem knikte: “Hiel goed! Wat wy ite, hat te krijen mei wat we dizze nacht fiere.”

Ynienen wist Simon it wer en rôp: “Wêrom is dizze nacht oars as oare nachten?” Dat hie er foarich jier ommers ek frege doe’t se Pesach fierden.

“Asto dat jûn wer fregest, Simon”, lake mem, “dan sil pake fertelle fan de tiid dat ús folk finzen siet yn Egypte. De farao wie dêr de baas. Hy makke fan ús folk in slavefolk. Fan klaai moasten we stiennen bakke. De farao woe allinne mar dat we noch hurder wurken. We waarden mear slein, as dat we iten krigen. Mar doe kaam God en sei: “Ik ha jim lijen sjoen. Dêrfoar ha ik de minsken net makke! Ik ha harren skepen as frije minsken. Jim binne net it besit fan dy farao. Jim hearre by My!”

“Kamen se frij?” frege Sara.

Mem knikte en sei: “Ja! En dêrom fiere we Pesach!”

“En Jezus dan?” frege Simon.

“Dy fiert jûn grif ek Pesach!” antwurde mem. “Mar no wol ik dat jim my helpe.”

Jezus wie ek yn Jeruzalem oankommen. Hy frege Petrus en Johannes om foar it peaskemiel te soargjen.

“Mar wêr moatte wy dat reemeitsje?” frege Petrus.

“Harkje!” sei Jezus. “Gean nei de stêd. Dêr sille jim in man rinnen sjen dy’t in krûk mei wetter draacht. Folgje him oant er in hûs ynstapt. Sis tsjin de baas fan it hûs: “Us Hear freget wêr’t de seal is om mei syn learlingen it peaskemiel te hâlden.”

Daliks doe’t Petrus en Johannes Jeruzalem yn kamen, seagen se al in man rinnen mei in swiere krûk. Doe’t er in hûs ynstapte rûnen se efter him oan. Dêr fregen se wêr’t se de jûns mei de Hear en harren freonen it peaskemiel fiere koene.

De húsbaas rûn foar harren út de trep op. Dêr wiisde er in romte oan. It wie krekt as hie er harren al ferwachte.

“Dan geane wy no daliks mar om boadskippen”, sei Petrus, “dan binne we op ’e tiid klear.”

It waard tsjuster en Jezus kaam mei syn learlingen de seal yn. Doe’t se om ’e tafel hinne sieten, seach Er syn learlingen ien foar ien oan en sei: “Wat ha ik hjir nei útsjoen.”

Doe fertelde Jezus it ferhaal dat by Pesach heart.

Lang lyn wenne ús folk yn it lân Egypte. Se moasten dêr hurd wurkje foar de farao. Hy wie de baas oer Egypte en makke fan Gods folk in slavefolk. Mar doe kaam God en sei: “Jim binne net it besit fan de farao, jim hearre by My! Harkje goed: Fannacht sil ik de ingel fan de dea troch Egypte gean litte. Yn alle huzen fan Egypte sil immen komme te ferstjerren.

Jim moatte in laam slachtsje. Stryk it bloed fan dat laam oan de foardoar, dan wit de ingel dat er dát hûs foarby gean moat. Gean net op bêd! Soargje foar gaadlike klean, doch goeie skuon oan ’e fuotten en nim in stôk yn ’e hân. Want ik sil jim nei in frij lân bringe. Dêrom is dizze nacht oars as alle oare nachten!”

De leerlingen knikten. Se koene it ferhaal wol. It hearde by Pesach.

Mar Jezus gie fierder: “Wat ik jim fertel, wie doe. Mar no is it yn Jeruzalem krekt sa.

It is net goed dat keningen en prysters baas spylje. En dat bart no wol. Ik tink dat wy it ek dreech krije sille.”

Doe naam Jezus it brea. Hy tanke God en bruts it brea yn stikken. Doe’t Hy it omparte sei Er: “Dit is myn lichem. Doch dit altyd en tink dan oan My!”

Dêrnei geat Jezus de wyn yn in grutte, hege beker. Hy tanke God en sei: “Drink allegear út dizze beker.” Hy naam in slokje en joech de beker oan Petrus. Petrus joech de beker troch oan Johannes... Johannes oan Jakobus... Jakobus oan Andreas... Allegear namen se in slokje. Dêrnei bleau it in skofke stil.

Nimmen fan de learlingen doarde mear wat te sizzen. Se seagen hoe drôvich Jezus wie. Hiel súntsjes sei Er: “Ien fan jim sil my ferriede.”

Doe’t se dat hearden, begûnen se allegear drok te praten.

“Dat bestiet net!” sei Petrus. Hy hie in heechreade kleur. “Ik fyn dat Jo wol hiel min fan ús tinke.”

Judas kaam oerein en rûn nei bûten ta. It like wol as hie er haast.